



NUVERE KLUCHTEN

(Malle fratsen)

Klucht yn trije bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **NUVERE KLUCHTEN – MALLE FRATSEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** en vertaler: **GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSONAAZJES:

Jaap Geertsema - 40-70 jier.

Alie Geertsema – syn frou/dûbelrol Pieke, 40-70 jaar

Lobke Geertsema – suster fan Jaap, hiel deeglik type, 50-70 jaar

*Jantsje Schaap - âldere buorfrou, 50-75 jaar

Klaziena van der Zweep -gast/ûnnoazel type, 40-70 jaar

Klaas opsjoneel. It soe bygelyks kinne dat men tinkt dat er oan
aan sm docht. (fanwegen syn achternamme) As dat jim kar wêze
soe, dan wol ik, Nico Torrenga, dat sels oanpasse! Mar jim wurde
dêr wol by belutsen.

Sonja Boerema - gast/ordinêr type, 30-60 jaar

* De rol fan Jantsje soe, mei wat lytse oanpassings, ek troch in man
spile wurde kinne. It wurdt dan buorman Jan (typke).

DEKOR:

It toaniel is in wenkeamer, dy't gewoan ynrjochte is. Der stiet in tafel
mei ferskate stuollen en in bankje mei in salontafel. Oan de wand
hingje fotolisten dêr't in heal ôfskuorde foto yn sit (*allinne Jaap is
sichtber*). Links in doar nei de hal en rjochts in doar nei alle oare
fertrekken. Yn 'e midden túndoarren mei gerdinen. De keamer is in
binde. Oeral lizze klean, lege blikjes, pizzadoazen, drankflessen, âld
papier, ensfh.

EARSTE BEDRIUW

(as it doek iepen giet, leit Jaap op 'e bank te sliepen en binne de gerdinen ticht. Neist de bank stiet in lyts kofferke. De tillefoan giet...)

JAAP: *(sjocht ferbaasd om him hinne, sjocht der suterich út)* Hin? Wêr bin ik? Wêrom lis ik hjir op 'e bank? *(sil oerein komme, hat in flinke kater)* Leave santjin... myn holle! *(telefoan giet, nimt op)* Ja? ...Wat moastst... *(bits)* Watte? Ja, ja, dat sil wol... No, giest mar wurkjen foar de kost en sikest mar in rike fint... *(fel)* Och mins, wat kin my dat skele... Do bist sels by my weigien... Och, soademiterje toch op... *(ferbrekt lilc de ferbining)* Rotwiif! Ik bin jierren mei dat sekreet trouw west en ik ha my altyd foar har út 'e naad wurke. Mar neat wie goed genôch foar mefrou... Myn holle, myn holle... Kalm Jaap, kalm... Tink om dyn hert. *(suchtsjend/ pakt in flesse drank en wol in slok nimme)* Dat kin ik better net dwaan. Ien slok en ik bin wer yn 'e loarum, bin ik bang. Earst mar ris in bak kofje. Dat liket my better. *(giet links ôf)*

SONJA: *(wat in ordinêr type. Hat seksy klean oan, mar komt no op yn in nachthind mei tigerprint)* Ik miende toch echt dat ik de tillefoan hearde... Ik sil it my wol ferbylde hawwe. Sa te sjen is Japie wekker. *(gychelet)* Wat in figuer... Ik hoopje wol dat er him oan syn belofte hâldt. Teminsten... as er him noch wat herinnerje kin. Dy earme siel... No ja, ast ek safolle sûpst, dan witst de oare deis grif net mear watst de jûns derfoar útheefd hast.. *(laitsjend rjochts ôf)*

JAAP: *(links op mei in mok kofje)* No, dêr wie ik wol oan ta. *(sjocht nei de mok en nimt in slok kofje)* Lekker is oars, mar och... it is ek skande om fuort te goaien. In magnetron is toch wol handich... De kofje fan juster is sa wer waarm. *(doarbel giet/ sjocht op syn horloazje)* Wat moatte se sa betiid oan te beljen? *(sjocht troch de túndoar nei bûten/ gerdinen binne noch ticht)* Och, nee wol... Dy nijsgjirrige hin fan hjirneist... No, se kin my wat. Se wol grif wer wat witte... Sa nijsgjirrich as in hin mei in glêzen kont. *(giet sitten/ doarbel giet wer)* Ja, ja, de jokte, buorfrou. It is goed mei dy! Even gjin froulju oer de flier by Geertsema. Ik ha myn búk mear as fol fan de wyfkes. Nei jierren ûnder it plak sitten te hawwen, wol ik no earst in skoftke fan it frijgeselle libben genietsje. *(drinkt kofje op/komt oerein)* Sa, earst mar even sjen oft de krante der al is.

(giet links ôf)

SONJA: *(rjochts op)* No miende ik dat ik de doarbel hearde. *(docht de gerdinen iepen en sjocht nei bûten)* Hm, dat is apart. Net ien te sjen. Ik sil it my wol ferbylde hawwe. Wêr haw ik dat kofferke toch delset... *(sjocht om har hinne)* No ja, Jaap aanst mar even freegje... *(rjochts ôf. Buorfrou Jantsje komt foar it rût en loert nijsgjirrich nei binnen, sjocht Jaap deryn kommen en ferstoppet har gau)*

JAAP: *(links op)* No, ris sjen wat foar ellinde der allegear wer yn de weareld is. *(sjocht nei de túndoarren)* Wiene dy gerdinen net ticht? Of bin ik no gek? Neffens my begjin ik... Och, ik sil it my wol ferbyldzje. *(giet by de tafel sitten, Jantsje loert troch it rût)* Ik wit net wêrom, mar ik haw it gefoel dat hjir wat net doocht...

SONJA: *(rjochts op)* Goemoarn. *(giet links ôf. Jantsje wit net wat se sjocht)*

JAAP: Goemoarn. *(lêst fierder yn syn krante en sjocht dan ferskrikt de seal yn)* Hin? ... *(sjocht nei de doar)* No miende ik toch werklik dat ik in frou... Tsjonge jonge... Ik moat toch echt wat minder djip yn it gleske sjen. Der sit mear alkohol yn myn bloed dan ik tocht...

SONJA: *(links op)* Hoi leave... Hast lekker sliept op de bank?

JAAP: *(skrikt. Beseft dat der in frou yn syn hûs is)* Hin? ... Leave? Wat... Wa bisto?

SONJA: Ik bin Sonja.

JAAP: *(fel)* Mins, it kin my neat skele wa'tst bist...

SONJA: *(laket)* Wêrom fregest it dan?

JAAP: *(ferbaasd)* Wat dochsto hjir?

SONJA: *(laket)* Ik wenje hjir.

JAAP: *(nimt krekt in slok kofje en spuit dat út)* Do wennest hjir?

SONJA: Dat hasto goed heard!

JAAP: *(Jaap sjocht om him hinne)* Ik bin toch wol yn ...?

SONJA: Do bist wol wat?

JAAP: *(yn 'e war)* Ik miende hiel even dat ik... dat ik yn in oar hûs wie, mar dit is wol myn hûs!

SONJA: *(laket)* Fansels is dit dyn hûs, Japie!

JAAP: *(ferbaasd)* Hin? ... Hoe witsto myn namme?

SONJA: *(laket)* Krekt as witsto dat net, mantsje fan my. *(knypt yn syn wang en jout him in tút op it wang en giet rjochts ôf/ Jantsje stiet wer foar it rút. Is ferstuivere en giet dan fuort)*

JAAP: *(mei stommens slein, hân op syn wang)* Mantsje fan my? Neffens my wurd ik gek, of ik bin noch sa dronken as in ûle. Wat foar nuvere dingen haw ik justerjûn dien? *(doarbel giet)* Ik... eh... *(doarbel giet meardere kearen/ Jaap hielendal fan slach)* Ja, ja... Ik kom deroan. *(links ôf en komt even letter mei Jantsje op)*

JANTSJE: *(ûnnoazel typke, krolhier, komt deryn stowen en sjocht nijsgjirrich om har hinne)* Soa, Jaap Geertsema...sis op!

JAAP: Wat soe ik sizze moatte, Jantsje Schaap?

JANTSJE: Dat witsto hiel goed, Jaap Geertsema!

JAAP: Ik wit net wêr'tst it oer hast, Jantsje Schaap!

JANTSJE: Doch no net krekt as witst nergens fan, Jaap Geertsema! Ik wit wat ik sjoen haw en do witst ek wat ik sjoen ha, Jaap Geertsema! *(sjocht ek achter de gerdinen)*

JAAP: Hoe kin ik no witte, watsto mienst te witten datst sjoen hast, wylst ik sels net iens wit watsto sjoen hast!

JANTSJE: *(ferbjustere)* Hin? Dat snap ik net! Sis dat nochris, Jaap Geertsema!

JAAP: Mins, hâld toch op mei my kontinu te tutojearjen. *(Giet by de grutte tafel sitten)*

JANTSJE: Ik bepaal sels wol of ik dy... *(komt net út har wurden)* tutu...tutoto... Man, brûk net fan dy yngewikkelde wurden. In gewoan mins as ik begrypt dêr hielendal neat fan.

JAAP: In gewoan mins? *(synysk)* Wa... do? *(Laket)* Hâld toch op. Do bist in soad, mar beslist net gewoan!

JANTSJE: *(bytsje sneu)* No, doch net sa raar...

JAAP: *(ûnderbrekt har)* Gewoane minsken komme hjir net op 'e iere moarn binnen stowen om te sizzen dat ik wat sizze moat. *(mei klam)* Ja, ik bin justerjûn op stap west en ja, ik haw in flinke kater... No en!

JANTSJE: *(synysk)* Ja, ja, en ek in flinke poes!

JAAP: *(ferbaasd)* In poes?

JANTSJE: *(ôfkarrend)* In poes, ja...

JAAP: Mins, wêr hast it oer?! Ik haw hielendal gjin kat yn 'e hûs!

JANTSJE: O nee? ...En dat wyfke dat hjir yn 'e hûs omrint dan?

JAAP: *(ferbaasd)* Wat wyfke?

JANTSJE: Dat wyfke yn har tigerprintsje. Se rûn niiskrekt noch hjir yn 'e keamer om! Der mankeart my neat oan 'e eagen hear!

JAAP: *(ferbaasd)* Hin? ... Hoe witsto dat? *(sjocht om him hinne)* Wêr hasto...

JANTSJE: *(betinkt dan dat se harsels ferret hat)* No, eh ikke....

JAAP: *(lilk)* Jantsje Skieppekop, hasto troch it rût stean te loeren?

JANTSJE: *(skammet har)* Och, miskien in hiel lyts bytsje. Ik seach tafallich... *(Jaap skoddet ôfkarrend syn holle)*

JAAP: *(synysk)* Ja, ja, do seachst tafallich wat, en do wiest tafallich by my yn 'e tún, en stiest ek grif hiel tafallich foar it rût...

JANTSJE: *(skammet har)* No... sokssawat, ja. *(nijsgjirrich)* Mar, sis ris... Wa is dat frommeske? *(giet neist him sitten)*

JAAP: Net dat it dy wat oangiet, mar... *(even spanning opbouwe)* ik haw gjin flau benul wa't it is.

JANTSJE: *(ferbaasd)* Net?

JAAP: Nee, wier net. No ja... Ik wil allinnich dat se Sonja hjit, mar fierder is it my in riedsel.

JANTSJE: *(rûkt de dranklucht by Jaap)* Man, hoefolle drank hasto juster hân? Do stjonkst in oere yn 'e wyn. Dat is toch net normaal. Dat is net normaal! Do hast mei dyn dronkene kop grif in mokkeltsje opdien, of net?!

JAAP: Och mins, bemuoi dy mei dyn eigen saken. Ik bepaal sels wol wat ik doch. Mar ast it sa graach witte wolst... *(gebeart Jantsje tichterby te kommen, Jantsje docht dat)* It giet dy gjin reet oan!

SONJA: *(rjochts op)* O, hawwe wy besite?

JAAP: *(ferbaasd)* Wy? Binne wy in 'wy'?

JANTSJE: *(stapt fluch op Sonja ôf)* Ik bin Jantsje Schaap... De buorfrou.

SONJA: *(jouwe inoar in hân)* Sonja Boerema. Oangenaam.

JANTSJE: *(tsjin Jaap)* No, wy witte yn elk gefal al wat mear, Jaap! *(tsjin Sonja)* En wat dochsto hjir?

JAAP: Ja, dat wol ik ek graach witte. Wêrom rinsto yn dyn nachthimd yn myn hûs om? En wêrom lei ik fan 'e moarn op 'e bank te

sliepen?!

SONJA: (*pleagjend*) Witst dat net mear, Japie?

JANTSJE: (*ferbaasd*) Japie?

SONJA: Ja, sa hjit er toch?!

JANTSJE: Ja, dat wit ik ek wol, mar...

JAAP: (*lilk tsjin Jantsje*) It kin my neat skele hoe't se my neamt. (*tsjin Sonja*) Wêrom rinsto healneaken yn myn hûs om?

SONJA: (*laket*) Dat is hiel simpel, leave. (*krûpt Jaap oan*)

JANTSJE: (*ferbaasd*) Leave?

JAAP: (*fel*) Bemuoï dy der net mei, Skieppekop.

JANTSJE: Nim my net kwea-ôf. Ik woe allinne mar...

JAAP: Ja, do woest dy der allinne mar mei bemuoïe, krekt as altyd!

SONJA: (*delbêdzjend*) Net tsiere... Der is al ellinde genôch yn 'e weareld... (*laket*) Wy moatte noch wol even ôfrekkenje, Jaap.

JAAP: (*ferbaasd*) Hin.... ôfrekkenje? (*Jantsje skrikt en slacht in hân foar de mûle*)

SONJA: Ja, dat liket my hiel normaal!

JANTSJE: Och, nee wol. Bisto sa'nien?

SONJA: Pardon?

JANTSJE: O, neat... (*synysk*) Ik mei my nergens mei bemuoïe.

JAAP: (*yn 'e war*) O, no ikke.... (*komt oerein*) Ik moat even sjen wêr't ik myn beurs ha. (*fielt yn syn broeksbûse en hellet der in aardich pak jild út*) Hin... Hoe kom ik oan sa'n pak jild...

SONJA: Sjoch, hjir is hûndert euro...

JANTSJE: (*lilk*) Moatst him betelje? (*Jaap begrypt der hielendal neat fan*)

SONJA: Ja, fansels. En it wie it my mear as wurdich! Mei myn eigen man giet it op 't heden gewoan net sa lekker. Dêrom is it ek sa moai dat ik hjir in hearlik ûntspannen nacht hân haw. Dêr haw ik it jild graach foar oer....

JANTSJE: (*lilk*) Mar dat is toch net normaal...

SONJA: (*laket*) Och mins, doch net sa âlderwetsk... Ik haw even gjin sin oan myn eigen fint... Hast myn kofferke ek sjoen, Jaap?

JAAP: Kofferke? ...Eh, nee!

SONJA: Net? Hm... apart. Ik wit seker dat ik him hjir ergens... No ja, aanst noch mar even sykje. Ik sil no earst fuort. Nochris bedankt en ik sjoch dy aanst! (*jout Jaap in tút op it wang en giet links ôf*)

JAAP: (*yn 'e war, hâldt in hân tsjin syn wang*) Ik wit net... (*sjocht nei it pak jild*) Soe ik miskien...

JANTSJE: (*ôfkarrend*) Dit hie ik noait achter dy socht, Jaap. Ik begryp net datsto dy ta soks ferleegje kinst. Ik wist wol datst net al tefolle jild om hannen hast, mar om dysels no te ferkeapjen...

JAAP: (*kapt har ôf*) Och mins, doch normaal! (*telefoan giet/ bits*) Jaap Geertsema... (*freonlik*) Hoi suske fan my... Alles goed? Ja hear, hjir wol... (*yrritearre*) Nee, do hoechst net oer my yn te sitten.... Alles giet goed... (*Jantsje sjocht him ferbaasd oan*) Ja, ik kin my hiel goed sels rêde.

JANTSJE: (*synysk*) Ja, ja... Dat haw ik sjoen! (*besjocht de lege pizzadoaze en lûkt har noas op as se dy iependocht*)

JAAP: Watte? (*laket*) Nee, ik ha hjir gjin freondin oer de flier... Ja, der is wol in frou, dat kloppet. Nee, dat sis ik net... (*bits*) Om't it dy neat oangiet! Do hoechst my net te sizzen wat ik... Lúster Lobke, ik ha gjin nije relaasje. Wat kin it dy skele wa't ik hjir yn 'e hûs ha. (*Jantsje lústert oandachtich mei, stiet tichtby Jaap*) It is gewoan myn buorfrou... Nee... (*ferbaasd, sjocht Jantsje oan, dy docht fluch in stapke tebek*) Dêr begjint it mei? (*laket*) Och, hâld toch op. (*laket*) Lústerje ris suske... Hallo? Lobke? No ja, sis. Se hat gewoan dellein!

JANTSJE: (*laket*) Dy springt no grif op har brommobyl en is yn de heechste fersnelling ûnderweis hjirhinne.

JAAP: (*somber*) Ik bin bang datst gelyk hast. Myn suster is in freeslike bemuoial.

JANTSJE: No, ast it my fregest, kinst wol wat help brûke. Tsjonge noch ta, it liket hjir wol in bargestâl! Dit is mar wer ris it bewiis dat in man allinne neat wurdich is!

JAAP: Och, ik fyn it hearlik. Gjin geseur fan in frou oan 'e kop. En hoe't ik hjir libje bepaal ik sels. (*dirigearet Jantsje nei de linker doar*) Oer geseur oan 'e kop sprutsen... It is tiid om op hûs oan te gean, Jantsje. Do hast wer genôch stof om oer te roddeljen.

JANTSJE: (*lilk*) Roddelje? Ikke? Wêr sjochst my foar oan?

JAAP: (*triuwt har de keamer út en docht de doar ticht*) Hoi Jantsje... Tsjonge noch ta, wat altyd in gesoademiter mei dy froulju... Myn

eigen frou is útnaaid, Myn nijsgjirrige buorfrou strúnt hjir om, in poerfrjemde frou rint hjir yn har pyama troch myn hûs en betellet my foar wat dêr't ik gjin idee fan ha, en myn suster sil hjir aanst ek wol op 'e stoepe stean... No, it wurdt in ynteressant wykeintsje, bin ik bang... En hoe kom ik eins oan dat jild? No ja, ik moat earst mar even dûse... *(giet rjochts ôf, poadium even leech, doarbel giet 3x, dan komt der in frou foar de túndoarren, loert nei binnen)*

JAAP: *(komt yn badjas wer rjochts op, sjocht de frou en skrikt him dea)* Leave santjin, ik skrik my dea! *(Docht lilke de túndoar iepen)*
Wat moat dat yn myn tún?

KLAZIENA: *(ûnnoazel typke, praat seurderich)* Doch net krekt as witst dat net!

JAAP: *(ferbaasd)* Ik wit fan neat!

KLAZIENA: Hast juster safolle sûpt datst no net mear witst watst my beloofd hast?

JAAP: *(ferliest syn geduld)* Mins, ik haw gjin idee wa'tsto bist, lit stean dat ik wit wat ik dy beloofd ha!

KLAZIENA: Witst dat echt net mear? Ik bin Klaziena van de Zweep!

JAAP: *(sjocht nei bûten)* Kom der mar even yn foardat de buorfrou dy sjocht.

KLAZIENA: *(entûsjast)* No, graach... Foardat se my sjocht!

JAAP: *(docht de túndoarren ticht)* En sis no mar ris wat ik beloofd ha!

KLAZIENA: Ja, beloofd... No, dat sil ik dy noch in kear.... *(op dat stuit hearst in brommobyl oankommen)*

JAAP: *(sjocht nei bûten)* No sille wy it ha.

KLAZIENA: Wat sille wy ha?

JAAP: *(tryst)* Myn suster komt deroan.

KLAZIENA: Dyn suster? Dat is ommers moai? *(doarbel giet)*

JAAP: No, dan kensto myn suster noch net. Sy is freeslik bemuoisuchtich.

KLAZIENA: *(ferbaasd)* Dyn suster bemuoisuchtich?

JAAP: Ja... Mar foardat myn suster deryn komt, wol ik al earst witte, wat ik dy juster beloofd haw...

KLAZIENA: Do witst it echt net mear, hin?! *(doarbel giet 2x)*

JAAP: (*senuwachtich, twingend*) No, sis op...

KLAZIENA: Toe ju, doch even normaal.

JAAP: (*begjint lilik te wurden*) Normaal? Moat ik normaal dwaan?
(*Klaziëna dûkt wat wei foar Jaap*) It moat hjir ek net gekker wurde. (*doarbel giet wer 2x*)

KLAZIENA: De doarbel giet. Moatst net iependwaan?

JAAP: (*lilk*) Mins, ik bepaal sels wol of ik iependoch of net. Myn suster wachtet mar.

KLAZIENA: (*lilk*) Ik fûn dy juster in stik leuker.

JAAP: Sorry, dame... Mar ik wol datst fuortgiest.

KLAZIENA: Ik fuortgean? (*Ferbaasd*) Mar ús plan dan? (*doarbel giet no in pear kear faker*)

JAAP: Ik haw gjin idee watfoar plan wy hawwe, mar ik wol datst no fuortgiest. (*Dirigearret har nei de túndoarren*) Hup, derút!

KLAZIENA: (*ferbaasd*) Mar...

JAAP: It bêste, madam! (*docht túndoarren ticht/ Klaziëna bliuwt foar it rût tsjin Jaap stean te praten*) Sa, no earst myn suster deryn litte. (*sjocht wer nei de túndoarren en docht de gerdinen dan wer ticht*) Tsjonge, jonge, wat in gesoademiter op 'e betide moarn. No ja, op nei it folgjende probleemgefal. Ik kin der no neat by ha ... (*sjocht even om him hinne; rommet gau wat op, mar lit dan de boel de boel, suchtet ris djip/ doarbel giet no wol hiel lang*) Ja, ja, ik kom al. (*Jaap komt even letter mei syn suster op*)

LOBKE: (*dominant en oerdeeglik type, helm op, fljocht it toaniel op*) Wêr is se?

JAAP: (*ferbaasd*) Wa bedoelst?

LOBKE: (*bits*) Dat witsto om 'e donder wol, Jaap Geertsema!

JAAP: Begjinsto no ek al?

LOBKE: Hoesa, ek al? Wêr hasto it oer?

JAAP: Alle froulju dy't hjir hjoed west ha, sizze dat ik alles wit. Mar hoe kin ik no witte dat ik it witte moat, wylst ik echt fan neat wit?

LOBKE: Man, wat eamelst no. Hast grif wer te folle drank hân! (*snuffelt oerdreaun oan Jaap*) Leave santjin, do stjonkst in oere yn 'e wyn... Tsjonge, jonge... Sûplap. Do learst it ek nooit, hin?! Us mem sei altyd...

JAAP: *(lilk)* Hy hat safolle drank hân dat in ein mei sân piken der yn swimme kin!

LOBKE: Sa is it mar krekt. Us mem hat ommers faak genôch sein dat drank in soad stikken makket?! En wat wie dat oer dy froulju dy't hjir west hawwe? *(skrikt ynienen en slacht har hân foar de mûle)*

JAAP: *(skrikt)* Wat is der? Wurdst net goed?

LOBKE: *(skammet har)* Wat bisto in fiislak! *(jout him in lel)*

JAAP: *(feralterearre)* Au, wêr is dat goed foar? En hoesa, fiislak?

LOBKE: *(lilk)* Fiislak, ja ... Tsjonge, jonge... Menear syn frou is útnaaid en dan hat er hjir in... in...

JAAP: No, toe mar!

LOBKE: In...in... Ik krij it der gewoan benaud fan... Ik moat earst wat frisse lucht ha. *(docht de gerdinen iepen en sjocht Jantsje dy't mei har ear tsjin it rût stiet te lústerjen. Lobke skrikt har dea en rekket yn 'e ties mei de gerdinen)*

JAAP: Potferdoarje, dom skiep!

LOBKE: Wat is dat no wer! Wa is dat mins? *(beseft ynienen wat/slacht har hannen foar de mûle)* Toch net ien fan dyn... Hoe doarst... O, wat in skande... *(fan it sintrum rjochts ôf, Jaap docht de túndoarren iepen)*

JAAP: Wat hat dit te betsjutten, Skieppekop? Do witst toch wol dat lústerfinken net doge? Skammesto dy dan noait? *(Jaap sjocht bûten oft Klaziena der noch is)*

JANTSJE: Skamje? Dat moatsto noadich sizze, Jaap Geertsema.

JAAP: *(onnoazel)* Ikke? Wat bedoelst?

JANTSJE: Hâld dy mar net fan 'e domme ...

JAAP: Wat wit ik no wer net, datsto wol witst? *(Jantsje en Jaap steane foar op it toaniel en sjogge net dat Lobke wer op komt)*

JANTSJE: Fan 'e moarn seach ik in frjemde frou yn in tigerpakje yn dyn hûs om paradearen en niiskrekt strúnde der in frommes yn 'e tún om dy't hjir nei binnen rûn en fuort letter nei bûten stjoerd waard. Wa soe him dan skamje moatte?

JAAP: No, dêr is in ferklearring foar, hear!

JANTSJE: O... No dêr bin ik dan wol benijd nei, Jaap Geertsema!

LOBKE: Dat soe ik ek wolris witte wolle, (*mei klam*) Jaap Geertsema!
(*Jantsje skrikt*) Wa is dizze frou?

JANTSJE: Ik bin syn buorfrou!

JAAP: (*ferbaasd*) Sis, wat is dit allegear? Binne alle froulju ynienen tsjin my?

LOBKE: (*bits*) Doch net sa ûnnoazel, man. No, sis op! Wat foar ferklearring hast?

JAAP: Wat sil ik sizze...

JANTSJE: (*nijsgjirrich*) Tsja, wat silsto ris sizze...

JAAP: (*laket wat*) Ik haw eins gjin flau idee.

LOBKE: (*ferbaasd*) Net? Wat is dat no wer dan? Menear hat gjin flau idee. Neffens my sitsto de boel hjir moai te bedonderjen. (*doarbel giet*)

JAAP: (*ferromme*) Rêden troch de bel! (*giet gau links ôf*)

LOBKE: (*giet sitten*) Ik snap hielendal neat fan myn broer.
(*soarchsum*) Wêr is it toch misgien mei him?!

JANTSJE: It falt fansels ek net ta foar him, hin! Syn frou útnaaid, syn baan kwyd, syn hinnen romme en sels syn dierbere downen binne foetsy.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto